

Dêr leit'jen,
YNINOAR
SAKKE
OP DE GRÜN*



In ferhaal oer wat Immie as EHBU'er tsjinkomst
op festivals njonken in moaie sfear en
prachtige muzyk



YUNG FRYSK

IK JOU DAN ÌN AM * SA FAN SMY-TÍT - DÉR MAR ÚT

Muzyk galmet út de speakers wei, do hast in drankje yn 'e hân en bist op in feest oan it dûnsjen mei dyn bêste maten. Do hast de jûn fan dyn libben. Yn dyn eachhoeke sjochst ynienen wat nuvers. Dêr leit ien, yninoar sakke op de grûn. It giet net goed mei dy persoan. Mar do hellest de skouders op en giest wer fierder mei feesten. Klinkt net echt as eat dat echt barre soe... Dochs? Dan hast it mis. Immie (17) wurket op de EHBU op feesten en eveneminten. Sy sjocht hieltyd faker jongeren dy't fierstente folle dronken hawwe. En dy hawwe gjin each mear foar inoar...

It giet om jongeren fan 13 oant en mei 16, dy't hast yn koma lizze", fertelt Immie. Op ien jûn sjogge wy in hânsel fan sokke gefallen. Dan sitte der fjouwer op in rychje yn de EHBU-tinte dy't alles derút smite.'

Family business

Immie wurket no hast oardel jier op de EHBU. Sy rôle deryn troch har heit en mem. 'Myn broer docht ek mei. It is in echte family business', laket Immie. It kin hiel gesellich wêze, want je dogge it mei jim allegear. 'En do learst hoe'tst minsken helpe kinst', fertelt Immie.

'Lêsten fytste ik earne hinne en doe seach ik ien by de kant fan de dyk stean. Elkenien fytste foarby, mar ik hie yn de gaten dat der mear oan de hân wie. Ik stapte fan de fyts en prate even mei him. Gelokkich foel it ta. Mar ast sinjalen weromkenst, bist der moai op tiid by.'



Drank en drugs

Der sit fan alles yn Immie har takepakket. 'Fan pleisters plakke en ferbân omdwaan oant reanimaasje en helpe by tefolle drank of drugs.' Dy lêste skills komme hieltyd faker goed fan pas.

'In soad minderjierrigen beginne middeis al mei yndrinken, want op it feest kin dat net. Mar sy binne sá jong, sy kenne harren grins net. Komplete flessen of mjukse of sy nimme shotsjes. Dy fiele sy net fuort, dus dan nimme sy der noch mar in pear.'

Op it feest giet it dan mis. 'Dan wordt ien troch in freon of freondinne dy't noch wol helder is by ús op de EHBU brocht. Ik freegje dan hoefolle oft sy hân hawwe. Dat witte sy dan eins net. Mar it is tefolle, dat is dûdlik.'



HARREJASSE!

$$\begin{array}{r} 1+1+1+1 \\ +1=??? \end{array}$$

ER



Gjin each foar inoar

Lang net eltsenien hat sokke behelpsume freonen, falt Immie op. In soad bern sitte yn harren eigen wrâldsje op sa'n jûn en passe net goed op inoar. 'Dy tinke neffens my: ik ha hijr gjin sin oan. Lit se mar lizze, in oar rédt him der wol mei.' Ta grutte ferbjustering fan Immie en har kollega's.

Gelokkich hâldt Immie de holle koel. "Ik jou dan in amer. Sa fan: smyt it der mar út. Mar it rint net altyd mei in skamper ôf. 'Soms is ien net mear oansprekber. Dan belje ik in ambulânse. Dan fregest dy ôf hoe't it safier kommen is. Dat makket wol yndruk..."

Groepsdruk

Mar hoe kin it dochs dat sokke jonge jongeren safolle drinke? 'Der is in soad groepsdruk', leit Immie út. 'Dêr binne sy gefoelich foar op dy leeftyd. De measten kinne net sa folle hawwe en gean al gau oer harren grins hinne.'

Datselde sjocht Immie mei drugs. 'GHB, speed, coke... Wêr't sy it weihelje, gjin idee. En it is ek net altyd dûdlik wat ien brûkt hat. Do tinkst dat dat allinnich yn grutte stêden bart, mar sjochst it likefolle op plattelânsfeestjes.'

Foarljochting

Immie jout mei har heit en mem foarljochting oan EHBÚ-ferienings. 'Omdat drank en drugs in hieltyd grutter probleem binne, hawwe wy yn de foarljochtings mear omtinken dêrfoar.'

Mar eins soe foarljochting oer drugs en alkohol folle mear op basis- en middelbere skoallen jûn wurde moatte, fynt Immie. 'Der moat in standert EHBÚ-les komme, krekt as Nederlânsk. Sadat elkenien sjocht: dit kin der barre ast te folle nimst.'

YN MYN TIID DIENEN
wy sels bier
yn ús fytsbannen
JA HEAR HET
natuuwrljyk



En ek âlden kinne neffens Immie wol in opfriskursus brûke. 'In hiel soad âlden witte de gefolgen ek net. Ik soe harren op it hert drukke wolle om deroan te tinken mei harren bern, mar ek mei harsels.'



De legale drinkleeftyd ferheegje fan 18 nei 21 hat neffens Immie net safolle doel. 'Jongeren drinke no ek al mei 13, dus dat hellet net in soad út.'

'Ha mear each foar inoar'

Immie sjocht foaral de tjustere kanten fan alkohol drinke by har leeftydsgenoaten. Dochs makket it har net bang. 'Ik drink sa no en dan ek wolris ien of twa op in feestje. Mar ik wit dan dat ik dêrniei noch nei hûs ta moat, dus dan tink ik derom. En ús heit en mem sizze: do sjochst hoe't it deroan tagean kin, dus wês ferstannich.'



Troch har wurk op de EHBÚ is Immie altyd alert. Sy hopt dat oare jongeren ek wat better op inoar lette sille. 'Ast ien sjochst op in feestje dêr't it net goed giet, rop dan de befeiligung. Tink net: o, dat is net myn probleem. Of rop ús, wy rôde ús der wol mei. En asjeblaft: ha wat mear each foar inoar.'



Dochs docht Immie it wurk op de EHBÚ noch altyd mei in soad leafde. 'Ik ha gelokkich noch net in momint hân dat it my tefolle waard. Ik hoopje ek dat ik dit noch wol even dwaan bliuw, want ik fyn it hiel moai wurk.'



TROCH HAR WURK OP DE EHBO IS IMMIE ALTYD ALERT

Mear lêze nei oanlieding fan dit ferhaal?

In oantal tips:

1

1. De Freon – 'In feest! Dat is wat Jeroen en syn freonen yn coronatiid wol brûke kinne. En wêr kin soks better as yn it bosk, dêr't fierder gjiinnen him yn it donker sjen litte sil. Hielendal net no't soks ferbean is fanwegen de jûnsklok. Emma komt fansels ek' – Skreaun troch I.E. Bloem

2
TWO

2. Heroine – 'When a car crash sidelines Mickey just before softball season, she has to find a way to hold on to her spot as the catcher for a team expected to make a historic tournament run. Behind the plate is the only place she's ever felt comfortable, and the painkillers she's been prescribed can help her get there. The pills do more than take away pain; they make her feel good' – Written by Mindy McGinnis

3
THREE

3. Verradelijk patroon - 'De 18-jarige Luca heeft sinds kort een bijbaantje bij een casino. Ze heeft het er erg naar haar zin en spreekt na het werk regelmatig af met collega's om iets te gaan drinken. Maar het blijft niet bij drinken, er wordt ook vrijwel elke keer lachgas gebruikt. Ondanks haar twijfel besluit Luca om mee te doen. Wanneer Luca op een avond alleen met haar collega Ricardo afspreekt, gebruiken ze weer lachgas, maar de gevolgen blijken deze keer niet te overzien' – Geschreven door Marlen Visser



Auteur: Gjaldau Sijtsma
Fotografy: Florian Cats
Yllustrasjes: Jelle van Gosliga



GEN DY fan.

